







Berneboeke-ambassadeur (BBA) 2020, 2021, 2022

BOEKEN
FAN FRYSLÂN

Lida Dykstra





De Berneboeke-ambassadeur (BBA)
fan Fryslân set har yn om lês- en
boekewille te fersprieden, yn de
breedste sin.

De BBA bringt dêrfoar Fryske
berneboeken en Frysk lêzen en praten
ûnder de oandacht fan it publyk,
en jout de promoasje fan berneboeken
in werkenber gesicht.

Taalplan Frysk 2030

Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking fan de ûndersteande partijen:

Opdrachtjouwer:

provinsje fryslân
provincie fryslân

Partners:

afûk

Cedin

FERS



NHL
STENDEN
hogeschool



Omrop Fryslân



SFB

www.taalplan.frl

Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter

1. Skoalling of neiskoalling (100%, diploma helje)
2. Les- en lêsmateriaal (80%)
3. Kultueredukaasje (teäter, museums, erfgoed) (50%)
4. Ekstra ynset fan meiwurkers, learkrêften en dosinten (bydrage)

Auteur:
Jan Gaasenbeek

sept. 2021

Leesbevordering in Fryslân

Een onderzoek naar bestaande leesbevorderingsinitiatieven
in Fryslân door Leeuwarden UNESCO City of Literature



Tarieding sept. – des. 2019

Hússtyl

Amtskeatling


Website www.berneboekeambassadeur.frl

Lêskoffer


Instagram @berneboekeambassadeur

Yn 2021: 2 promoasjefilmkes

Hússtýl troch Natascha Stenvert







NÛGJE DE BBA ÛT!

No opjaan!

De Berneboeke-ambassadeur (BBA) set har yn om lêsen boekewille te fersprieden, yn de breedste sin. De BBA bringt dêrfoar Fryske berneboeken en Frysk lêzen en praten ûnder de oandacht fan it publyk, en jout de promoasje fan berneboeken in werkenber gesicht.

Dêrfoar kin de BBA útnûge wurde op skoallen, yn bibliteken en boekhannels, op boekedagen, by ferienings, foarlêswedstriden en foardrachtsfestivals.

Ha jo in idee of in evenemint wêr't jo de Berneboeke-ambassadeur útnûgje wolle, nim dan kontakt op fia it opjeftformulier. Hjirûnder in stikmannich foarbylden wat de Berneboeke-ambassadeur dwaan kin.

Basisskoalle

MBU, HBU

Bibliteek

Evenemint

Sjuery

Soarchynstelling

Folje mar yn...

BASISSKOALLE

Learlingen

Foar de learlingen fan basisskoallen is de BBA yn te setten mei ferskate programma's.

FFF = Foarlêze, fertelle, fragen beäntwurdzje

De Berneboeke-ambassadeur komt yn de klasse om ynteraktyf foar te lêzen, te fertellen, fragen te beäntwurdzjen en mei de bern te praten oer har eigen en oare Fryske berneboeken.

Sa'n klasbesite duorret 1 oere per groep, by groepen 3

LÊSKOFFER

De Berneboeke-ambassadeur kiest alle jierren tsien Fryske berneboeken, foar alle leeftiden, dy't sy graach ekstra yn it sintsje sette wol. It binne bysûndere boeken dy't in grut Frysk taaleigen biede, plezierich (foar)lêze of tige gaadlik binne foar allerhande kreative of taalkundige ferwurkingsopdrachten.

Sy binne mei-inoar te bestellen yn de Lêskoffer, mei in spesjale koarting. By eltse titel is in lesbrieff makke, dy't fergees te downloaden is op dizze webside. De lesbrieven foar de nijste Lêskoffer wurde geandewei it jier tafoege.

Foar 2022 steane der wer tsien nije boeken sintraal, mar de Lêskoffers fan 2020 en 2021 binne ek noch altyd te bestellen.



LÊSKOFFER 2022 »



LÊSKOFFER 2021 »

“

Karstres




Artikel (2000) fan Iyengar en Lepper, ekonoom en psycholooch Universiteit Columbia en Stanford.
'When Choice is Demotivating: Can One Desire Too Much of a Good Thing?'






Opstelling yn supermerk mei:



24 jamsoarten, 60% sjoggers, 3% keapet in pot. (4 fan de 145 minsken)
6 jamsoarten, 40 % sjoggers, 30% keapet in pot. (31 fan de 105 minsken).











Hoe BBA-skip ynfolle?

Skoalbesiten

Oare organisaasjes

- Gemeente Opsterlân

- Gemeenten Noardeast Fryslân + Dantumadiel

- Gemeente Heerenveen

- Gemeente Súdwest Fryslân

Lêzingen /workshops

Eveneminten

- Foarlêskampioenskippen

- Stúdzjedagen

Advizen / helpfragen

Lesbrieven











PRATE OER IT BOEK – **DE METOADE AIDAN CHAMBERS**

‘Wêr gong it boek oer?’ is faak net sa’n produktive wize om mei bern oer in boek te praten. Bern witte faak de essinsje net goed te beneamen en ferlieze harsels gauris yn details.

In goede metoade om in berneboek klassikaal te besprekken is ûntwikkele troch de Ingelske berneboekeskriuwer Aidan Chambers.

Vertel eens en *De leesomgeving*, bondele yn *Leespraat*, Biblion 2012.

De Vertel eens-oanpak basisfragen:

1. Wat fynst moai/goed oan it boek?
2. Wat fynst net sa moai/goed oan it boek?
3. Wat fynst dreech of ûndúdlik? (Of frjemd, wiene der dingen dy’t net kloppen?)
4. Wiene der patroanen/ferbannen? (Wat dat hieltyd werom kaam yn it boek?)













WURKBLÊD 4 – DINGEMAN KRIJT WJUKKEN

Toaniel – toaniellêze

DINGEMAN Hoi, ik bin Dingeman.

ROOSJE O, en ik bin Roosje

DINGEMAN Ik kin sjen datsto in ko bist, mar wêrom hasto hoarnen?

ROOSJE Seker út 'e stêd, hen?

DINGEMAN Ja, mar ik ha noch noait in ko mei hoarnen sjoen.

ROOSJE Dan hasto noch noait in ko sjoen.

DINGEMAN Witst wol seker datst net in bolle bist?

ROOSJE It soe kinne, mar dan bisto in famke.

DINGEMAN Hast ek gjin giele kaarten yn 'e earen.

ROOSJE Nee, dêrom rin ik ek net op fuotbalskuon.

DINGEMAN Goed dan: hast gjin flappen yn 'e earen.

ROOSJE Ik kin net sizze dat ik se mis.

DINGEMAN Mei ik dêrom net oan dyn earen komme?

ROOSJE Ja, se bliuwe fan myn earen ôf.

DINGEMAN Hoelang bisto al ko fan Joazef?

ROOSJE Ik bin hjir as kealtsje geboaren. Dat is myn gelok. Oars hie ik no flappen hân en myn hoarnen kwyt west. Joazef is in man fan echt. Ik jou him safolle molke as ik kin.

DINGEMAN Is dat net yngewikkeld, molke meitsje fan gers?

ROOSJE Och, it giet eins bûten my om. Ik moat allinnich soargje dat ik goed yt. Dêr ha ik in bealchfol wurk fan, mar dêrnei kin ik derby lizze.


DINGEMAN Roosje, mei 'k dy wat freegje?

ROOSJE Do dochst neat oars.

DINGEMAN Ik soe dy graach melke wolle.

ROOSJE Hast wol faker molken?

DINGEMAN Nee, dêrom.



WURKBLÊD 1 – SUPER!

WAT TINKT/SEIT DE HAADPERSOAN?





♦ OMKE ÛLE BINGO ♦

Doch it lûd fan in ûle nei.	Ûle begjint mei in û. Betink noch trije wurden dy't mei û of oe begjinne.	Doch hjoed dyn moaiste en kleurichste sokken oan. Twa ferskillende sokken mei ek.
Nifelje in ûle fan in húskeroltsje.	Freegje ien om dyn dino of in oar popke te ferstopjen yn de keamer, en sykje him op.	Hâld in picknick yn 'e hûs, op in kleed/tekken op de flier.
Sykje yn de bibleteek in boek mei in ûle op it kaft.	Tekenje in lyts doarke, en plak dat op de plint. Sjoch, dêr wenje kabouters!	Fuorje de eintsjes (of oare fûgels).
Bou in boat fan blokken, lego of stuollen.	Stuiterje troch it hûs as in fisk op it drûge.	Meitsje in tekening fan mem of heit.



Bartele Bûse

Berber van der Geest



Tekendiktee - It keammerke fan Skelte

1. Midden yn de romte stiet in skildersezel, sa'n houten trijepoat. Der stiet in fjouwerkant skilderij op, en in houten keukenstoel foar.
2. Flakby stiet ek in taffeltsje, fol potsjes, fervepotten en bakjes. Yn guon potsjes steane de kwasten en pinsielen fan Skelte.
Der leit ek in palet.
3. Rjochts sit in grut rú. Kinst nei bûten sjen. Sjochst wolken, lân en noch mear. Tekenje der in finsterbank foar. Wat stiet of leit der yn it finsterbank?
4. Tsjin de muorre is in skoarstienmantel, mei in âld kachel derfoar. Oan de kachel sit in pipe, dy't de muorre yngiet.
5. Der hinget ek in grutte klok oan de muorre. Tekenje sifers en wizers op de wizerplaat.
6. Oeral dêr't mar romte is, hingje skilderijen. Grutte skilderijen. Lytse skilderijkes. Wat stiet derop skildere?
7. Der lizze âlde foddien op de fl ier. Dêr makket Skelte syn kwasten mei skjin.
8. Betink in motyfke op it behang: stippeltsjes, streekjes of noch wat oars.
9. Tekenje noch wat, dat neffens dy net ûntbrekke mei. Miskien boeken? In lampe? In teepot en koekjes? Of Skelte en Barte sels? Meist it sels witte. Sa, no is dyn keunstwurk klear. Bist krekt sa'n goede keunstner as Skelte

Resultaten / Statistyk

Nei 145 skoallen op besite west
yn gemiddeld 3 groepen → sa'n 435 groepen

Fia BBA 164 Lêskoffers ferkocht

Fia webside Afûk nochris 25 Lêskoffers

Totaal 189 Lêskoffers → 1890 berneboeken

enkête gemeente Opsterlân → gem. 8,8

publisiteit

mails fan learkrêften

reaksjes fan bern

Publisiteit

Omrop Fryslân (8x)

L.C (4x)

F.D. (3x)

Rondom kranten (3x)

Sa! (2x)

De Feanster, Culturf(e)an, De Westereender,
RTV NOF, Tsjek, Groot Sneek (allegear 1x)

Learkrêft op PCBO De Spreng yn Drachten:

‘Lida Dijkstra, wat fijn dat je nog een plek hebt in de agenda. We vonden het vorig jaar een groot succes dus wilden we het nu ook weer doen.’

Learkrêft op CBS De Fûgelsang yn Berltsum: ‘Tige tank foar jo komst!
Der binne al boeken út de koffer helle om gelyk mei oan 'e slach te gean.
Jo besite hat in ympuls jûn oan it lêsunderwiis en it Frysk. Tige tank dêrfoar!’

Learkrêft op OBS It Holdersnêst op 'e Harkema:

‘Goejûn Lida, Wat wie it wer geweldich datst der wiest. Dit sille de bern net gau ferjitte. En ik ek net. Do ynspirearrest my alle kearen wer.
Tankewol!’

c.b.s.
de
stapstien
Schoofstrjitte 14
9090 PT Kalkenherzwaag
Tel. 0511-442370



Mei in hertlike groet fan de 'auteurs en yllustrator' fan
'Rinner en de waakhûn'

Silvan
mindert
Else
Mike
Ben Edk
Chris
Lysanne
Wynke
Tessa ERra
Tim
marrit
Lianke
renste
joshum
Loren
liza
Anna Jasmin



Dokkum
6 septimber 2021



**'Juf! Meie wy aanst sels in
ferhaal skriuwe?'**

Broeksterwâld
10 desimber 2021



Ferhaalymprovisaasje mei groep 3/4
'Wat is it moaiste plakje fan Broeksterwâld?'
**'Fierderop by de mar. Dêr steane ek allegear
beammen.'**
**'Dat klinkt goed. Kinne wy derhinne rinne yn ús
ferhaal?'**
'It is wol fier...'
**'Wachtsje, dêr stiet in trekker. Mei in wein
derachter. Dy nimme we.'**
**'Dan wol ik wol ride! Ik mei noch net trekkerride,
ik bin noch mar sân... MAR IK WOL WOL RIDE!!!'**

le
17 septimber 2021



'Lida, skriuwst fyts dochs mei in Grykske y?
En knyn ek? En hoe skriuwst minsken?'
'm i n s k e n.'
'Skriuwst dat sa? Leuk!'

Dokkum, KBS Eben Haëzer
28 septimber 2021



steckt finger op 'Ik kin net Frysk lêze.'
'Eins leau ik dat net. Sjoch, dit boek. Earste sin.
Lês ris foar?'
sûnder ien hapering 'Omdat Tys lyts, rûn en
pluzich wie, fûn elkenien him skattich.'
'Hartstikke goed dien! Mar eh, no bin ik yn 'e
war. Wat kinste no net?'
'Ha, ha, ik kin it wól!'

Wâlterswâld
12 oktober 2021



'Ik fûn it super-, super-, megaleuk!
Ik wol jo even in krûpke jaan, it wie
sá leuk!'

Ferwert
13 oktober 2021



'Hoe lang binne jo noch Berneboeke-
ambassadeur?'
'Dit jier, en dan yn 2022 ek noch.'
'Kinne jo net wat tiidrekke? Nei wat minder
skoallen ta gean, sadat jo noch wat langer
troch meie?'



De letterfretter

Gedichten mei alle Fryske ien-, twa- en trijelûden

